[0257] TWA WALDWURDEN

Foar prof. dr. Ernst Löfstedt op syn 70ste jierdei.

De Wâlden - en mei harren faek ek de Noardlike Klaei - binne in nijsgjirrige streek foar hwa't niget hat oan tongslaggen, hwant hja wike yn dat stik yn mear as ien ding ôf fan it fierdere Fryslân. De spried fan dy ôfwikingen of - om it posityf to sizzen - eigenheden is wakkere ûngelyk. En ek it karakter. Hja komme foar yn 'e lûding lykas yn *êch*, *mêger*, *tsjel*, *ljacht*, *dôf*, *warrech*, *hy* en *dû* (Hof 47, 66, 84, 149, 158, 168, 179), *gjers* en *wjizze* (TONA 4, 11), yn 'e wurdskat lykas yn bineamingen as *foarkestekker* en *knyptange* (TONA 25) foar de earkrûper, *ychelbaerch* (TNZN I 10) foar de stikelbaerch en - oanslutend op nou Saksyske kontreijen - *skammel* (Hof 140) foar de tuolle, *saterdei* (Hof 163) foar sneon en *riuwe* (Hof 191) foar de harke, yn 'e foarmleare: *naem* en *kaem* as foarmen fan doetiid èn ôfslutend mulwurd (Hof 183-184); en yn 'e sintaksis: 'hy is oerriden *wurden/wo(a)rn*', `*to gean* wêze', `earne lân *to* lizzen hawwe' (Driem. Bladen 1963 nû. 2-3). Ik wol my hjir net jaen op it tonearsten noch wol hwat glysterige paed fan it fraechstik fan mooglike Westerlauwerske ynfloed de Lauwers oer yn earder ieuwen, dêr 't de Wâlden dan wol in hiele wichtige rol by spylje moatten hawwe. Wol bin ik der mei Hof (43 ff.) wis fan dat der hjoeddedei sprake is fan in útstrieling fan Wâldtael it westen yn, nei de Klaei.

Der is noch gâns eigens yn 'e Wâlden, dêr't de spried nèt fan fêstlein is. Ik woe yn dizze bydrage wize op it bisûndere gebrûk fan twa wurden: *jonnich* en *dyselde(n)* (mei de klam op *dy*-). Beide binne oantsjut troch in rountsje op 'e kaertsjes. Dy binne gearstald út it materiael fan twa enkêtes, in mounlingen fan de plakken yn Fryslân (1956-'57) en in skriftliken fan de oanswettende parten fan Grinslân en Drinte en guon plakken yn Fryslân (1963). De streekjes jowe de 'negative' risseltaten wer. De skriftlike fragen wiene: 'Kent U *in Uw persoonljk spraakgebruik* deze zin: ik gean jonnich hinne (ik ga daar vanavond heen)' en `Hoe vertaalt U in Uw persoonlijke taal het volgende zinnetje: diegenen. die met de bus moeten, kunnen weggaan'. Plakken dêr't gjin andert wei kaem, binne oantsjut mei in swarte stip.

Jonnich hearde ik foar 't earst by in Burgumer studint (± 1950) yn sintsjes lykas `ik kin jonnich net komme to spyljen'. In yn 1863 berne doarpsgenoat wie dat gebrûk net eigen. Mar de Burgumer S.K. Feitsma (1850-1918) brûkt *jonnich* yn dizze bitsjutting op s. 34 fan *Der wier ris* (1893). It gebiet is net wanlyk oan dat fan *ljacht* (Hof 149) en *boaders* (TONA 12). Yn 'e selde kontrei is ek it haedwurd *jonne* (soms sels hast *junne*) gebrûklik, dêr't fierders yn Fryslân *joon*, *jû(û)n* sein wurdt. Op it kaertsje stamme de *jonnich*-opjeften fan i 3,4 (It Wytfean), i 3,9 (De Folgeren). k 4.5 (Donkerbroek), k 4,6 (De Haule), 1 3.4 (Jobbegea-Skuorregea) en 1 4.8 (Hoarnstersweach) fan de enkête-1963. Deselde korrespondint út h. 2.2 (Feanwâlden), dy't yn 1956 *jonnich* net eigen wie, joech it yn 1963 op as bihearrende ta syn persoanlik spraekgebrûk. Dy wjerljochtekspânsje is tonearsten gjin rekken mei holden op it kaertsje, likemin as fan 'e oare kant de opjefte *joon* fan in jonge Gariper (1963) foar it mounling opkrigen *jonnich* (1956) fan in gâns âldere doarpsge-

noat. Yn Drachten (i 3,11) wurdt ek *fan jonnich* sein [1]), to Eastermar (h. 3,9) *fan 'e jouns,* to Boarnburgum (k 3, 1) ek *fan 'e joun.* Trije ûngelikenze foarmen. Dat kin dialektgeografysk sjoen net folle om 'e hakken hawwe. It foarôfgeande *fan* sil wol earder in grouwelich hollanisme wêze as analogyfoarming neffens *fan 'e moarn*, *fan 'e middei* ensf. (forlykje, *fandei* op it Skiermountseach ynsté fan in to forwachtsjen *júed).* Ut Seballebuorren yn Grinslân krige ik ek in (skriftlike) *jonnich*-opjefte, mar dy moat wol stamme fan tige ferske ymport en sil wol net brûkt wêze yn in fierders Grinslânske kontekst. To Haulerwyk notearre ik jɔnəx. Ik ha 't idé, dat it der mei de iepen en sletten *o* yn dy hoeke fan Fryslân dochs hwat oars hinneleit as fierders.



It bywurd *jonnich* is as foarming yn ús eagen faeks hwat apart, mar it Sealtersk hat foar itselde bigryp *äuwich,* wylst op Sölj *injung,* yn 'e Widinghiird *jinning* en yn 'e Bökinghiird *eeling* sein wurdt. Is *jonnich* de westlike fariant yn in gebiet, dat earen ek Grinslân en Eastfryslân omfieme hat?

Oars as by *jonnich* koe ik by *'dyselde(n)* skriftlik net freegje nei 't wurd sels. Dat soe sûnder mis gâns bitizing jown hawwe mei *dy'selde(n). 'Dyselde(n)* kin allinnich mar foar 't ljocht komme yn in moai greate kontekst, mar der

1) S.J. v.d. Molen hearde ek *fe(n) jonnich* yn 'e Drachtster kontreijen *(De Pompeblêdden* VIII s. 23).

binne hjir gâns sinonimen en dy oerhearskje by de skriftlike opjeften sa slim, dat de enkête-1963 foar dit wurd praktysk fan ûnwearde wie. Oan 'e oare kant wie hja krekt foar dit wurd ek wer net sa nedich, om't Grinslân en Drinte dochs net by it Fryske *'dyselde(n)-gebiet* oansleaten, sa't ik út eardere oanwizingen ôfnimme koe. Yn 1956-'57 hie ik mounling al in moai kompakt (en dat bitsjut meastal: echt) gebiet byinoarenkêtearre en dat is sûnt suver net foroare. Hjir is frege nei *'dyselde(n) dy't* yn 'e bitsjutting 'dyjinge(n) dy't, it



kin oars as 'dyjinge(n)' ek adjektivysk brûkt wurde. De streekjes op it kaertsje stelle dus foaral 'dyjingen, dy't', 'dy lju, dy't' en allinnich 'dy't' foar. Bihalven de neamde bitsjutting wurdt *'dyselde(n)'* ek tobekwizend brûkt. Dat komt it dúdlikst út yn in petearke. A seit: 'Hokker skoalmaster bidoelst' eigentlik?' - B: 'Dy't hjirnêst yn 'e kost west hat'. - A: 'O, 'dyselde'. Faeks soe de spried fan dy bitsjutting in oar byld jaen as it forskynsel, dat hjir kartearre is. Troch de lytse wearde fan de skriftlike enkête stean ik hwat twiivlich foar de streekjes

op i 3,4 (lt Wytfean), i 3,9 (De Folgeren) en eigentlik ek i 3, 13 (Smelie) oer. Burdaerd (g 2,5) krige ek in streekje. Spitigernôch haw ik gjin mounling materiael út de neamde plakken. Dat hie ik wol foar De Geast (g 2,6), Mounein (g 2,18), Ryptsjerk (h 2,3), Boelensloane (h 3,12) en Garyp (i 2,1), der binne de neatsizzende negative skriftlike opjeften dan ek sûnder mear forwaerleazge. Dat is ek dien mei de hwat fordwaelde positive mounlinge meidielingen foar Deinum (h 1,6) en Terbant (I 2,3). Foar Wânswert haw ik fan beide mooglikheden de positive keazen.

Op 'e kaertsjes binne *jonnich* en *'dyselden* dus yn 'e greatste spried, dy't ik forantwurdzje koe, werjown. Fansels hawwe soksoarte wurden ek yn it eigen gebiet gâns sinonimen nêst har. Binnen de rountsjegebieten binne de troch de streekjes oanjowne konkurrinten dus bikend, mar it omkearde jildt net.

Teake Hoekema.

Literatuer: J. J. Hof, *Friesche dialectgeographie* (s'-Gravenhage, 1933); *Taalatlas van Noord- en Zuid-Nederland* (Leiden, 1939-....) (= TZNZ); K. Heeroma, *Taalatlas van Oost-Nederland en aangrenzende gebieden* (Assen, 1957-. . . .) (= TONA), - De grounslach foar de kaertsjes hat west de by it *Systematisch en alfàbetisch register van plaatsnamen voor Nederland, de Nederlands-sprekende delen van België en Noord-Frankrijk en het noordwesten der Duitse Bondsrepubliek* (Amsterdam-Antwerpen, 1962) hearrende *Grondkaart naar K. Heeroma, Taalatlas van Oost-Nederland en aangrenzende gebieden.*